

middenbou

BERNEBOEKEWIKE

By ús thús



Bêste kollega's,

Yn dit magazine fine jimme in ferskaat oan aktiviteiten dy't oanslute by de lanlike Berneboekewike 2023. It tema dit jier:

By ús thús

Der stean trije Fryske boeken sintraal, foar elke bou in boek:

**ûnderbou: Buorman Brombear
middenbou: Abe en de Aardichman
boppebou: Lampke**

As earste fine jim in suggestje foar in iepeningsaktiviteit fan 'e Berneboekewike foar jim op skoalle. En fia 'verhalend ontwerp' wurdt in ferskaat oan taalaktiviteiten oanbean. Mei dy aktiviteiten en boeken kinne jimme it Frysk en meartaligens in plak jaan by jim op skoalle. Dit magazine en de oanfoljende materialen kinne jimme fine op:

www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl

In soad wille en in ynspirearjende groet,

Afûk: Tjitske van Dijk

Bibliotheek Drachten: Marije Remmelts

Cedin: Tjitske van Akker en Bert v/d Lijn

Fers: Janneke Straatsma

Lectoraat M&G NHLStenden: Klarinske de Roos, Anja Morsink, Liesbeth de Boer, Janke Singelsma en Jolanda Verhoef



YNHÂLDSOPJEFTE INHOUDSOPGAVE

Iepeningsaktiviteit Berneboekewike	side 4
Toanieltekst	side 5, 6

Fryske útlis

1. 'Verhalend ontwerp' - eftergrûnynformaasje	side 7
2. Meartaligens - eftergrûnynformaasje	side 8
3. Start-episoade	side 9
4. Episoade 1	side 10
5. Episoade 2	side 11
6. Episoade 3	side 12, 13
7. Episoade 4	side 14
8. Episoade 5	side 15
9. Ofslutende episoade	side 16

Nederlandstalige uitleg

1. 'Verhalend ontwerp' - achtergrondinformatie	blz 17
2. Meertaligheid - achtergrondinformatie	blz 18
3. Start-episode	blz 19
4. Episode 1	blz 20
5. Episode 2	blz 21
6. Episode 3	blz 22, 23
7. Episode 4	blz 24
8. Episode 5	blz 25
9. Afsluitende episode	blz 26

Bijlage

1. Tekst: Praat mar toaniel	side 27
-----------------------------	---------



IEPENING BERNEBOEKEWIKE

Mei in toanielstikje de Berneboekewike iepenje, dat is altyd in sukses. Alle bern fan groep 1 o/m groep 8 komme by elkoar om te sjen hoe't learkrêften in brombear, in famke of jonkje spylje. In soad wille tawinske!

Ferhaalskets:

In ferteller nimt it publyk mei yn de boeken Buorman Brombear, Abe en de Aardichman en Lampke. De trije haadpersoanen komme elkoar tsjin by in bankje. Se reitsje meinoar oan 'e praat en it publyk leart se in bytsje kennen. Troch it petear komme wy derachter dat alle personaazjes yn in situaasje sitte dy't mei it tema fan de Berneboekewike te krijen hat: 'By ús thús'.

Personaazjes:

- Buorman Brombear – Bear hâldt derfan om allinne te wêzen. Der komme nije buorlju. Dêr fynt er neat oan. Hy wurdt der prottelich fan.
- Abe – Abe is krekt ferhuze en fynt dat hiel spannend. Hy is ferlegen.
- Lampke – Lampke wennet yn in fjoertoer mei har heit. Sy is in frij famke, selsstannich, dreamerich. Se makket hieltyd it bêste fan de situaasje dêr't sy yn telâne komt.
- Ferteller

Nedich:

- Boek: Buorman Brombear
- Boek: Abe en de Aardichman
- Boek: Lampke
- Kuorke of boadskiptas (foar Lampke)
- Stepke of lyts fytske of sokssawat (foar Abe)
- Pot huning en in pear earen op 'e kop (foar Bear)

Setting:

Der stiet in bankje of in rychje stuollen op it poadium.



TOANIELTEKST

Sêne 1

(Ferteller komt op mei trije boeken yn 'e hannen.)

Ferteller: Hoi allegear! Sjoch ris wat ik by my ha? Trije boeken. Hiele ferskillende boeken. Mar dochs ha se allegear wat mei-elkoar te krijen. Hoe? No, litte wy ris yn 'e kunde komme mei de haadpersoanen. O, ik sjoch Lampke al oankommen. Lampke wennet yn in fjoertoer, yn in tiid dat der noch gjin elektrisiteit wie...

(Lampke komt fluch oanrinnen mei in kuorke of boadskiptas. Se giet midden op it bankje sitten. De ferteller giet nei de sydkant fan it poadium.)

Sêne 2

(Lampke suchtet eefkes djip, sy moat eefkes bykomme. Tsjin it publyk:)

Lampke: Poeh, hehe. Ik moat nei de winkel, mar earst even bekomme. Ik moat lúsjefer helje foar de fjoertoer. Ik wenje yn de fjoertoer mei ús heit. Ik moat him altyd helpe om it ljocht oan te stekken. Dat is hiel belangryk, want as it ljocht net oan is, dan witte de skippen net wêr't it lân is en dan komme sy yn gefaar! Ik mei it dus noait ferjitte! En no binne de lúsjefer op. Dus moat ik nije helje.

Sêne 3

(Bear komt oanrinnen. Hy prottelet yn himsels. Hy suchtet.)

Bear: Man man... einliks eefkes allinne! Eefkes rêst! *(Nei it publyk, soarchlik:)*

Binne hjir ek kninen? Fan dy brutale pluzige droktemakkers? Nee? Gelokkich mar, want dy binne dus krekt neist my te wenjen kommen. Ik ha totaal gjin rêst mear! Hielendal neat! En ik hie it altyd sa lekker, lekker allinne. Ik wurd hielendal gek fan dy kninen, dêrom bin ik mar eefkes te kuierjen gien. Eefkes lekker hielendal allinne. En dan kin ik no moai eefkes hielendal allinne op it bankje sitte, hearlik...! *(Draait him om nei it bankje en sjocht Lampke.)*

O, nee sis! Der sit al ien! Is der dan net ien plak dêr't ik eefkes allinne wêze kin?

Sêne 4

(Lampke hat nei Bear sitten te sjen en hat wol yn de gaten dat hy graach wat romte ha wol. Se skoot op, sadat Bear derby kin en winkt útnûgjend nei Bear. Bear komt tichterby en giet op it puntsje fan it bankje sitten, safier mooglik by Lampke wei. Hy bliuwt wat yn himsels protteljen.)

Sêne 5

(Abe komt op mei in stepke oan 'e kant dêr't Bear sit. Hy nûnderet wat yn himsels. As er it bankje mei Lampke en Bear sjocht, stoppet er en bliuwt op in ôfstantsje stean. Hy fertrout it net hielendal en doart der net by sitten te gean.)

Sêne 6

(De ferteller komt nei foaren.)

Ferteller: Hee sjoch, dat is Abe. Hy is krekt ferhuze. Syn heit en mem binne drok mei útpakken en ynrjochtsjen en Abe rint thús wat yn it paad. Abe is nochal ferlegen en alles is hjir nij. Hy freget him fan alles ôf: Wat is hjir allegear te dwaan? Binne de bern hjir wol aardich? Kin ik hjir wol nije freonen fine?

(Ferteller wer nei de sydkant.)



Sêne 7

(Lampke hat wol yn 'e gaten dat Abe net sa goed doart. Se besiket him op syn gemak te stellen troch freonlik nei him te swaaien.)

Lampke: Hoi! Wat hasto in moaie step! Dat is super handich sis, dy soe ik ek wol ha wolle. *(Abe komt skruten in bytsje tichterby. Hy giet mei in bôge om Bear hinne, nei de kant fan Lampke. Hy giet net sitten. Lampke giet fierder:)* Mei sa'n step bin ik folle flugger by de winkel. Ja, ik moat nei de winkel, ik moat lúsjefers helje foar de fjoertoer. Want ik wenje yn de fjoertoer. Wêr wennesto?

Sêne 8

(Bear is sa yn himsels dat er Abe net sjoen hat en hy tinkt dat Lampke tsjin him praat. Bear begjint te prutteljen.)

Bear: No, ik wenne lekker allinne, mei net ien om my hinne, hearlik rêstich! Mar no binne dus dy kninen neist my te wenjen kommen. Dy droktemakkers... Ik ha gjin momint mear foar mysels. Grrr!

Lampke: Hielendal allinne? Ik wenje yn de fjoertoer, tegearre mei ús heit. Ik moat him helpe mei it ljocht fan de fjoertoer. Dat is hiel belangryk wurk! Ik soe net allinne wenje wolle, ik fyn it hiel fijn tegearre mei ús heit. *(Tsjin Abe.)* En do? Hoe wennesto?

Abe: Ik, ik wenje hjir noch mar krekt. Dêr... *(wiist yn de rjochting fan de sydkant fan it poadium)* Mei ús heit en mem. Ik, ik wit it noch net sa goed. Hoe't it yn it nije hûs is. En yn ús nije buert... Wy ha no wol in grutte tún. En in moaie skommel. *(sêft:)* Ik hoopje mar dat de bern hjir ek aardich binne... *(Alle trije sjogge se eefkes yn gedachten foar harren út.)*

Sêne 9

Lampke: *(Sjocht nei de loft en skrikt ynienen op.)* Oei jonges, sjoch ris nei de loft! Der komt in skip mei soere appels oan. Wat in donkere loft! Ik moat gau de lúsjefers helje, foardat dat minne waar hjir is! *(Tsjin Abe.)* Miskien kinsto ek better nei hûs ta gean.

Abe: *(Abe knikt en giet mei de step rjochting syn hûs)* Eh, ja, hoi! *(Lampke en Abe geane ôf, elk in oare kant út. Bear bliuwt noch eefkes sitten en sjocht nei de loft.)*

Bear: Soere apels? Soere appels? O, in donkere loft mei min waar... Hee, mar mei min waar bliuwe dy ferhipte kninen fêst wol yn harren hol! Dan kin ik moai in apeltaart bakke, sûnder dat sy my lestich falle. Hearlik! *(Bear giet ôf.)*

Sêne 10

(Ferteller komt op) **Ferteller:** Lekker rêstich allinne wenje, krekt ferhuze mei heit en mem, yn in fjoertoer mei heit: liket dat ek op hoe't it by jim thús is? *(evt.: By my thús... koarte persoanlike skets fan de ferteller).* Jim witte no wat mear oer de haadpersoanen fan de boeken. Sy ha jim no al wat ferteld oer hoe't it by harren thús is. En dat is ek it tema fan de Berneboekewike: 'By ús thús'. Yn de klasse geane jim dêr fierder mei oan 'e slach. *(Boek Buorman Brombear omheech hâlde.)* Wat is foar dy in fijn thús? *(Boek Abe en de Aardichman omheech hâlde.)* Wat soesto nedich hawwe om dy thús te fielen op in nij plak? *(Boek Lampke omheech hâlde.)* Op watfoar bysûnder plak soesto wenje wolle? In soad wille allegear!





'VERHALEND ONTWERP'

Dit jier binne taalaktiviteiten net allinnich keppele oan in tema en in Frysk boek mar ek oan in 'verhalend ontwerp'. It tema dit jier is 'By ús thús' en slút dermei oan by it lanlike tema fan de Berneboekewike. It Fryske boek foar de middenbou is Abe en de Aardichman.

By 'verhalend ontwerp' giet it om it ûndersykjend learen. Belangryk dêrby is dat in learkrêft rike taalgebrûkssituaasjes kreëarret mei spesifike taaldoelstellingen. It kreëarre probleem (it barren) nûget út om mei-inoar nei te tinken, te praten, te oerlizzen, te lêzen en te skriuwen. By in 'verhalend ontwerp' is in rike learomjouwing belangryk. Tink dêrby - neist it ynrjochtsjen fan it lokaal - ek oan it útnûgjen fan in ekspert yn de klasse of oan in ekskurzje.

By 'verhalend ontwerpen' wurdt der wurke mei episoades, elk mei in eigen doel:

1. Start-episoade. Doel: de yntroduksje fan de haadpersoan. De bern meitsje de haadpersoan faak yn it grut, sadat dy yn 'e klasse goed sichtber is.
2. Episoade 1, 2, 3, ... Doel: it ûnder de oandacht bringen fan hieltyd wer in nij probleem, in kwestje. Kinne de bern in oplossing betinke? Yn in iepen petear, in dialoach, moatte de bern harren mieningen en ideeën ferwurdzje oan 'e hân fan ûndersykjende fragen as 'wat soe der no barre moatte...' of 'hoe kinne wy... helpe om...'
3. Ofslutende episoade. Doel: ein goed, al goed. It ferhaal rint goed ôf en de bern kinne de âlders útnûgje om it te fieren. Dêrby kinne se alles sjen litte of fertelle wat se makke en betocht ha.

Elke episoade start mei in barren: in probleem dat de bern nijsgjirrich makket, oan it tinken set en útnûget ta ûndersyk. Dêrby stean kaaifragen sintraal. Dat binne fragen dy't de bern oan it tinken sette en dy't útdaagje om in oplossing foar in probleem te finen. It probleem kin oplost wurde troch ferskillende learaktiviteiten.





MEARTALIGENS

Yn projekten wêrby 't learlingen neitinke moatte en mei-inoar oerlizze moatte, hat meartaligens en it brûken fan de memmetaal (Frysk) in essinsjele mearwearde foar it learen. Op guon skoallen, lykas de trijetalige skoallen yn Fryslân, hat ek it Ingelsk in prominint plak yn de klasse.

Dochs sjogge wy dat yn projekten faak allinne it Nederlânsk brûkt wurdt en dat it Frysk (en it Ingelsk) amper oan bod komme. Ek sjogge we dat der net folle oandacht is foar de oare thústalen fan de bern. En dat wylst in goede behearsking fan de memmetaal (bgl. it Frysk) in posityf effekt hat op de ûntwikkeling fan de twadde taal (it Nederlânsk). Meartaligens hat boppedat in positive ynfloed op ûnder oaren it kognityf funksjonearjen en dêrneist wurde minsken dy't op iere leeftyd in twadde of tredde taal leare, hjir feardiger yn as minsken dy't dêr pas op lettere leeftyd mei starte.

Hokker taal der wannear brûkt wurdt yn it projekt, hinget fansels ûnder mear ôf fan de fyzje en it taalbelied fan de skoalle en fan de taaleftergrûn en it feardigensnivo fan learlingen en learkrêft. Nim dit foaral mei yn de tarieding fan it projekt en yn de ferskillende fazen. In rûntepetear kin bgl. yn it Frysk fierd wurde en in feestliet kin ek Ingelsktalich wêze. Kies by elke aktiviteit in taaldoel en in ynhâldsdoel.

Taaltips

- Praatsto sels gjin Frysk? Stimulearje bern just wól om Frysk te praten.
- Stimulearje de bern om de talen te ferlykjen: Pankoek? Dat is grappich: yn it Nederlânsk is it 'pannenkoek'. En 'kok' is yn it Frysk en Nederlânsk gelyk.
- Skeakelje in Frysktalige learling yn as coach, dy't sa no en dan in fraach of antwurd yn it Frysk of Nederlânsk oerset.
- Wurkje de bern yn groepkes? Soargje dan dat der sa mooglik in Fryske learling yn elk groepke sit.
- Is it Frysk foar guon noch dreech? Lit de bern in aktiviteit dan earst yn it Nederlânsk dwaan en set it dêrnei oer nei it Frysk.
- Meitsje as taalstipe in wurd fjild op it boerd.



START-EPISOADE: BULTSJE MODDER



STAP 1 IT BARREN

Yn 'e klasse leit in bultsje modder mei tûken en bledsjes. Der leit in boek en in skrift by.

De bern binne fêst nijsgjirrich. Stimulearje dit. Wat wolle se allegear witte oer dit bultsje? Sjoch stap 2.

MATERIAAL

- Boek Abe en de Aardichman
- Tûken, bultsje modder
- Skrift



STAP 2 KAAIFRAGEN

De bern geane mei elkoar yn petear:
-Wat is dit bultsje? Hoe fine wy dat út?
Soe it yn it boek stean?

De bern komme mei ideeën. Nei alle gedachten betinke se ek om it boek te lêzen. Sa net, dan stjoert de learkrêft hjir ûnopfallend op oan. De learkrêft giet nei stap 3: de taalaktiviteit Ferhalepraat.



STAP 3 FERHALEPRAAT

-De bern sitte mei-inoar yn de rûnte.

-Lit de foar- en achterkant fan it boek sjen. Freegje de bern yn twatallen mei-inoar te praten oer wêr't sy tinke dat it boek oer giet. Fan wa binne de tûken?

-Lês side 9 o/m 17 út it boek foar.

-Gean mei elkoar yn petear:

1. Ferhaal keppele oan eigen foarsizzing.

Freegje de bern: "Kloppet dyn foarsizzing?", "Wa is de haadpersoan?", "Fan wa binne de takken?"

2. Belibbing fan it ferhaal.

Freegje de bern: "Wat fûnst it moaiste?", "Wat fûnst net leuk?", "Wat fûnst grappich?", "..."

3. Ferhaal keppelje oan eigen ûnderfining.

Freegje de bern: "Bisto wolris ferhúze?", "Hasto dy ek wolris ferstoppe yn in strûk?". "Bisto bang foar oare bern?", "..."

4. Miening oer it ferhaal.

Freegje de bern: "It boek hjit Abe en de Aardichman, wêrom is dat wol of net in goede titel foar dit boek?" "Wat fynst fan de tekeningen?"





EPISOADE 1: BANG WÊZE



Materiaal

It skrift fan Abe mei dêryn de tekst en fragen: sjoch stap 3.



STAP 1 IT BARREN

Abe hat yn it skrift skreaun:
Sa as jimme lêzen ha, bin ik bang foar bern. Mar wat is bang wêze einliks? Kinst ek bang wêze foar dysels? Is bang wêze nuttich?
(sjoch oare fragen fan stap 3).
Kinne jimme my antwurd jaan?
Groetnis, Abe



STAP 2 KAAIFRAGEN

De bern gean mei- elkoar yn petear. Hoe kinne wy antwurd jaan op de fragen fan Abe? De bern komme mei ideeën. Nei alle gedachten betinke se ek om mei-inoar oer de fragen te praten. Sa net, dan stjoert de learkrêft hjir ûnopfallend op oan. De learkrêft giet nei stap 3: de taalaktiviteit Tink dy Tûk!

STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: TINK DY TÛK



Gean yn in 'e rûnte sitten. Kies ien fan ûndersteande filosofyske fragen. Jou bern tinktiid, lit se op inoar reagearje. Freegje troch nei it argumint achter in antwurd. Bliuw net hingjen yn persoanlike antwurden. Jou sels gjin miening. Besef dat der gjin goed antwurd is. Is de keazen fraach genôch fan alle kanten besjoen, meitsje dan in gearfetting fan de antwurden en kies in oare filosofyske fraach.

Ynlieding: Abe is bang foar oare bern, dat seit er yn it skrift en yn it boek (lês eventueel noch in kear side 17 út it boek).

- Wannear is ien bang?
- Hoe wit ien oft hy/sy bang is?
- Is bang wêze nuttich?
- Binne bern faker bang as grutte minsken?
- Besteane der dingen dêr't elkenien bang foar is?
- Binne der ferskillende soarten fan 'bang wêzen'?
- Kin ien ek bang wêze foar him- of harsels?
- Kinne bisten bang wêze?
- Wat soe der barre as net ien op 'e wrâld mear bang is?

Meitsje nei it filosofysk petear in hûs mei in hiel soad doarkes. Skriuw achter elk doarke in filosofysk idee oer bang wêzen.






EPISOADE 2: AARDICHMAN



STAP 1 IT BARREN

Abe hat wer yn it skrift skreaun:
*Tankewol foar jimme filosofyske ideeën oer bang wêzen. Dat hat my holpen om minder bang te wêzen. Wat my ek helpt is prate mei de Aardichman. Kinne jimme oare aardichmannen meitsje? Wat kin dyn aardichman goed? Wannear hasto in aardichman nedich? Ik bin benijd!*Gr. Abe



Materiaal

Alle bern moatte in tûke mei sydtûkjes fan maks. 50 sm meinimme nei skoalle. Ferve, kwasten, tried, tou en natuerlike materialen

STAP 2 KAAIFRAGEN

De bern gean yn petear oer de fragen:
 -Hoe kinne wy aardichmannen meitsje? Hoe sjocht sa'n figuerke derút? Wannear hast in aardichman nedich? Watfoar eigenskippen hat dyn aardichman-figuerke?
 De bern komme mei ideeën. De learkrêft stjoert ûnopfallend oan op stap 3.



STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: LIT DY GEAN

1. Start mei in koart fertelrûntsje

In pear bern fertelle watfoar ideeën sy hawwe oer hoe't in aardichman-figuerke derút sjen kin. Brûk as learkrêft hieltyd it sintsje 'dat soe kinne' om oan te jaan dat alle bern harren eigen ideeën brûke meie.

2. Tekenlistje meitsje en besprekke

Lit nei it koarte fertelrûntsje op in tekenlistje (papier mei trije kaders) trije kenmerken fan in 'aardichman' sketse. Eventueel mei in pear wurden (yn it Frysk). Besprek de suggestjes yn twatallen.

3. Beskriuwing

De bern krije de opdracht om in beskriuwing te jaan fan harren aardichman-figuerke. Sjoch foar tips oer it sjenre 'beskriuwing' op de website.

4. Meitsje

Lit alle bern in tûke (mei sydtûkjes) fan ûngefear 50sm lang meinimme nei skoalle. Lit se fan de tûke in eigen aardichman-figuerke/talisman/helpman/beskermmantsje meitsje troch de tûke oan te klaaien en te bewurkjen mei materialen lykas wol, tou, ferve, kralen, knoopkes, ensfh.

5. Presentearje



Hingje de aardichman-figuerkes op yn 'e klasse of set se op in sokkeltsje.

6. Skriuwe

Lit de learlingen in namme foar harren aardichman-figuerke betinke en opskriuwe. Lit se der ek by skriuwe watfoar help harren aardichman-figuerke biede kin.

7. Beprate


Praat dêrnei mei-inoar oer de wurkstikken dy't makke binne.





EPISOADE 3 : FREONSKIP

Materiaal
Skrift fan
Abe mei
tekst út
stap 1



STAP 1 IT BARREN

Yn it skrift fan Abe stiet in gedicht oer freonskip yn 'e natuer:

Freonskip

Komst mei, komst mei?

*Wy meitsje in hutte yn de greiden,
dan bouwe wy yn 't wylde wei.*

*Ik ha in hammer foar ús beiden,
wy spikerje geheimen.*

Draaf mei, draaf mei!

Nei de ein fan de wei.

Sjoch nei my, folgje myn skaad,

doch my mar lekker nei,

wy dûnsje in nij paad.

Spring mei, spring mei!

Oer de sleat, my achternei,

net sa mâl, net sa bang.

Ik help dy, freon fan my,

Spring mar, ik fang!

Sigrid Kingma

*Ps Dit fyn ik wol moai! Wat soe ik graach
mear fan sokke gedichten lêze wolle!*



STAP 2 KAAIFRAGEN

De bern gean yn petear oer de fragen:
-Hoe kinne wy Abe helpe? (Sels
gedichten betinke en yn syn skrift
skriuwe?) Wêr moatte de gedichten oer
gean? (bygelyks: natuer, freonskip,...).

De bern komme mei ideeën. De
learkrêft stjoert ûnopfallend oan op
stap 3.



STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: POEZYPRAAT

Stap 1: Foarlêze oan 'e hiele groep

Lês it gedicht 'Freonskip' fan Sigrid
Kingma noch in kear foar.

Stap 2: Yn twatallen lêze

Diel it gedicht út en lês it gedicht yn
twatallen. Doch dit in pear kear, oant it flot
lêzen wurde kin.

Stap 3: Eksperimintearje mei de toan

Eksperimintearje mei de toan dêr't it

gedicht op lêzen wurdt, bygelyks 'skattich', 'fertrietlik' of 'lilk'.

Stap 4: Doch der bewegingen by

Doch bewegingen by it gedicht. Bgl. stampe mei de fuotten of in hânbevinging. Lit troch
mimyk sjen wat lêzen wurdt, bgl. in lilke, wanhopige of fertrietlike blik.

Stap 5: Gean mei elkoar yn petear mei de hiele groep

A. Belibbing fan it gedicht

Makket it gedicht dy bliid, lilik, fertrietlik of bang? Wat fûnst moai en wat fûnst net moai oan
it gedicht? Wêr hast dy oer fernuvere? Hast sin om mei te dwaan?

B. Gedicht keppelje oan eigen ûnderfining

Hast sels wolris bûten boarte? Hast sels wolris ien oerhelle om mei te dwaan?

C. Miening oer it gedicht

Fynst de titel passen by it gedicht? Hokker wurden of sinnen fûnst it moaist / grappichst /
spannendst of fertrietlikst? Soest dyn bêste freon(dinne)
oanride om dit gedicht te lêzen?





STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: DE INKTFLUENCER

Ferwûnderje

De bern sitte yn 'e rûnte. Lit se om bar ien wurd sizze: "Wêr tinkst oan by natuer?" Lit de bern om bar ien wurd sizze: "Wêr tinkst oan by freonskip?"

Twatal-praat

Lit de bern yn twatalen prate oer harren freon/freondinne: "Hoe sjocht hy/sy derút? Wat fynt hy/sy in moai plak yn de natuer? Wat boartsje jimme?"

Meitsje

Set de stappen 1 o/m 4 op it boerd. Lit de bern de antwurden opskriuwe.

Stap 1. Tink oan dyn freon of freondinne. Op hokker plak yn de natuer mei hy/sy graach wêze? Skriuw dat wurd op.

Stap 2. Beskriuw dat plak yn geuren en kleuren (hoe rûkt it, hokker kleuren binne dêr).

Stap 3. Beskriuw wat dyn freon/freondinne dêr docht.

Stap 4. Beskriuw watsto derfan fynst: grappich, nuver of bysûnder? Wêrom?

Moaier meitsje

No hast de basis fan dyn gedicht. Meitsje it moaier troch sinnen of wurden te werheljen, troch de folchoarder te feroarjen, troch wytrigels deryn te setten, troch moaiere wurden te kiezen, troch wurden ta te foegjen,

Presintearje

Presintearje de gedichten oan elkoar.

Hingje se op yn 'e klasse.





EPISOADE 4: DE STRÛK



Materiaal
Skrift fan Abe mei tekst út stap 1

STAP 1 IT BARREN

Abe hat wer wat skreaun yn it skrift:

Help!! Heit en mem wolle de strûk fan Aardichman fuort helje om't hy sa drûch is en brune blêden hat! Dy strûk mei fansels net fuort! Kinne jimme my helpe? Wat moat ik dwaan om de strûk wer grien en sûn te krijen? Groet, Abe

PS: Wat ha jimme moaie gedichten skreaun!



STAP 2 KAAIFRAGEN

De bern wurde útdage om ynformaasje op te heljen by ferskillende boarnen (ekspert yn 'e klasse, boeken, ynternet, ...) en de ynformaasje dy't fûn is op papier te setten foar Abe. Fragen dy't oan bod komme sille: Wat moatst witte om de strûk te rêden? Watfoar strûk is it? Hoe groeit in strûk? Wat hat in strûk nedich? Hoe kinne wy hjir antwurd op krije?

STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: FAK TAAL FORMULE

Taaldoel: Kin mear detaillearre ynformaasje efterhelje en trochjaan.

Ynhâldsdoel: Kin beskriuwe hoe'tst planten yn de tún fersoargje kinst.

A. Lês side 29 o/m 34 foar út it boek.

Yn it ferhaal meitsje heit en mem op side 34 in plan mei in túnman (= 'de nuvere man'). Heit en mem wolle de strûk fuort helje litte om't hy sa drûch as wat is.

B. Lês de fraach foar dy't Abe skreaun hat yn it skrift.

Abe wol de strûk behâlde en hat de klasse om help frege.

C. Betink trije tips foar Abe om de strûk better te fersoargjen, sadat dy net fuort hoecht.

Doch yn twatallen of lytse groepkes ûndersyk troch mei-inoar yn petear te gean en ynformaasje op te sykjen. Bygelyks mei help fan boeken, ynternet of in ekspert yn de klasse (hovenier, in túnarsjitekt, in boskwachter of in skoalplein-ûntwerper).

D. Presintearje de tips oan Abe

Presintearje de tips mei in muorrekrante of floch of ... En no mar hoopje dat Abe syn strûk stean bliuwe kin!





EPISOADE 5: WÊR IS AARDICHMAN?



STAP 1 IT BARREN

Yn it skrift fan Abe stiet de folgjende tekst:

Bedankt foar jim goede tips om de strûk te fersoargjen! Fan 'e moarn waard ik wekker fan in nuver lûd. Ik bin bot skrokken! Wat der oan 'e hân is. No....Aardichman....ik kin it hast net skriuwe....freegje jim juf of master
side 35 o/m 39 foar te lêzen. Dan witte jimme krekt wêrom't ik my soargen meitsje.

Gr. Abe

PS: Hawwe jim it lêzen?
Dan is dizze tekst foar jimme!



(Der leit in toanieltekst yn it skrift.)

Materiaal

Foar elk bern in kopy fan de toanieltekst (Sjoch achtern dit boekje)

STAP 2 KAAIFRAGEN

Nei it foarlêzen fan it ferhaal wurdt de toanieltekst derby pakt. De bern gean yn petear oer de fraach:

- Wat kinne we mei dizze tekst dwaan?
- Wat falt op as we dizze tekst besjogge?
- Wat soene de kleuren oanjaan?



De bern komme mei ideeën. Stjoer it petear sa dat der besluten wurdt om de tekst te lêzen (Stap 3).

STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: PRAAT MAR TOANIEL!

Stap 1 Jou alle bern de toanieltekst en lêse dizze mei- elkoar. Begrypt elk wat der stiet? Binne der ûndúdlikheden?

Stap 2 Ferdiel de groep yn lytsere groepkes om mei-inoar de sêne te oefenen. Fertel de bern dat se

- sels de rollen ferdiele (dûbelrollen is gjin probleem)
- de sêne in pear kear lêze, sadat dy flot en op toan giet
- elkoar helpe by it Frysk en by it spyljen fan de rol.

Stimulearje de bern har yn de rol yn te libjen en der bewegings by te meitsjen.

Stap 3 Lit in pear groepkes de sêne presintearje foar de groep.





OFSLUTENDE EPISOADE: PRESINTAASJE



STAP 1 IT BARREN

Abe hat wer yn it skrift skreaun:

Hoi famkes en jonges,

It is tiid foar in feestje! De strûk is rêden, ik bin net bang mear foar bern, ik ha in freon en noch folle mear. Lês fierder yn it boek fanôf side 45. Alles is dus goed ôfrûn en dat moat fierd wurde! Alle moaie dingen moatst fiere! Jimme ha my geweldich holpen. Applaus foar jimsels! In lêste fraach: kinne jimme in Abe-feestje fiere op skoalle om sjen te litten wat jimme allegear makke en dien hawwe?!

Groet, Abe en Sibrich



Materiaal

It skrift mei de tekst út stap 1



STAP 2 KAAIFRAGEN

De bern gean yn petear oer de organisaasje fan it Abe-feest. Fragen dy't fêst komme binne: Wa wolle we útnûgje? Wat wolle we presintearje? Wêr wolle wy it Abe-feestje fiere? Wannear en hoe? Stjoer it petear nei stap 3.



STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: TAALRÛNTE

Gean mei de bern yn 'e rûnte sitten.

1. Start mei in koart fertelrûntsje

Lit de bern om bar in feest neame dêr't se west ha.

2. De learkrêft fertelt

Lit de bern in útnûging sjen fan in feestje en beskriuw dat feest.

3. In pear bern fertelle

Lit in pear bern fertelle oer in útnûging en in feest dêr't se west ha.

4. Tekenlistje meitsje en besprekke

Lit de bern in listje meitsje fan wat der op de útnûging foar it Abe-feest stean moat.

5. Twatal-petear

Lit de bern yn twatalen oan elkoar fertelle wat sy betocht en tekene hawwe.

6. Meitsje

Lit de bern in útnûging meitsje.

TIPS

-Nûgje âlders en/of bern út oare klassen út

-Toan de keunstwurken:

1. It hûs of de huzen mei filosofyske ideeën
2. De Aardichmannen
3. De gedichten
4. De muorrekranten of flochs

-Presintearje it toanielstik





'VERHALEND ONTWERP'

Dit jaar zijn taalactiviteiten niet alleen gekoppeld aan een thema en een Fries boek maar ook aan een 'verhalend ontwerp'. Het thema dit jaar is 'By ús thús' en sluit daarmee aan bij het landelijke thema van de Kinderboekenweek. Het Friese boek voor de middenbouw is 'Abe en de Aardichman'.

Bij 'verhalend ontwerp' gaat het om het onderzoekend leren. Belangrijk daarbij is dat een leerkracht rijke taalgebruikssituaties creëert met specifieke taaldoelstellingen. Het gecreëerde probleem (de gebeurtenis) nodigt uit samen na te denken, te praten, te overleggen, te lezen en te schrijven. Bij een 'verhalend ontwerp' is een rijke leeromgeving belangrijk. Denk daarbij - naast het inrichten van het lokaal - ook aan het uitnodigen van een expert in de klas of aan een excursie.

Bij 'verhalend ontwerp' wordt er gewerkt met episodes, ieder met een eigen doel:

1. Start-episode. Doel: de introductie van de hoofdpersoon. De kinderen maken de hoofdpersoon vaak in het groot zodat die in de klas goed zichtbaar is.
2. Episode 1, 2, 3,... Doel: het onder de aandacht brengen van steeds weer een nieuw probleem, een kwestie. Kunnen de kinderen een oplossing bedenken? In een open gesprek, een dialoog, moeten de kinderen hun meningen en ideeën verwoorden aan de hand van onderzoekende vragen als 'wat zou er nu moeten gebeuren...' of 'hoe kunnen we... helpen om...'
3. Afsluitende episode. Doel: eind goed, al goed. Het verhaal loopt goed af en de kinderen kunnen de ouders uitnodigen om het te vieren. Daarbij kunnen ze alles laten zien of vertellen wat ze gemaakt en bedacht hebben.

Iedere episode start met een 'barren' (gebeurtenis): een probleem dat de kinderen nieuwsgierig maakt, aan het denken zet en uitnodigt tot onderzoek. Daarbij staan kaaifragen (sleutelvragen) centraal. Dit zijn vragen die kinderen aan het denken zetten en die uitdagen om een oplossing voor een probleem te vinden. Het probleem kan worden opgelost door verschillende leeractiviteiten.





MEERTALIGHEID

In projecten waarbij leerlingen moeten nadenken en met elkaar moeten overleggen, heeft meertaligheid en het gebruik van de moedertaal (Fries) een essentiële meerwaarde voor het leren. Op sommige scholen, zoals de drietalige scholen in Fryslân, heeft ook het Engels een prominente plek in de klas.

Toch zien we dat in projecten vaak alleen het Nederlands wordt gebruikt en dat het Fries (en het Engels) nauwelijks aan bod komen. Ook zien we dat er amper aandacht is voor de andere thuishalen van de kinderen. En dat terwijl een goede beheersing van de moedertaal (bijv. het Fries) een positief effect heeft op de ontwikkeling van de tweede taal (het Nederlands). Meertaligheid heeft bovendien een positieve invloed op onder andere het cognitief functioneren en daarnaast worden mensen die op vroege leeftijd een tweede of derde taal leren hier vaardiger in dan mensen die er pas op latere leeftijd mee starten.

Welke taal op welk moment gebruikt wordt in het project, hangt natuurlijk onder meer af van de visie en het taalbeleid van de school en van de taalachtergrond en vaardigheidsniveau van leerlingen en leerkracht. Neem dit vooral mee in de voorbereiding van het project en de verschillende fases. Een kringgesprek kan bijv. in het Fries worden gevoerd en een feestlied kan ook Engelstalig zijn. Kies bij elke activiteit een taaldoel en een inhoudsdoel.

Taaltips

- Praat je zelf geen Fries? Stimuleer de kinderen juist wél om Fries te praten.
- Stimuleren om de talen te vergelijken: Pankoeke? Dat is grappig: in het Nederlands is het 'pannenkoek'. En 'kok' is in het Fries en Nederlands gelijk.
- Schakel een Friestalige leerling in als coach, die zo nu en dan een vraag of antwoord in het Fries of Nederlands vertaalt.
- Werken de kinderen in groepjes? Zorg dan dat er zo mogelijk een Friese leerling in ieder groepje zit.
- Is het Fries voor sommigen nog moeilijk? Laat de kinderen een activiteit dan eerst in het Nederlands doen en vertaal het daarna naar het Fries.
- Maak als taalondersteuning een woordveld op het bord.



START-EPISSOADE: BULTSJE MODDER



STAP 1 IT BARREN

In de klas ligt een hoopje modder met takken en blaadjes. Er ligt een boek en een schrift bij. De kinderen zijn vast nieuwsgierig. Stimuleer dit. Wat willen ze allemaal weten over dit hoopje? Zie stap 2.

MATERIAAL

- Boek Abe en de Aardichman
- Takken, hoopje modder
- Schrift



STAP 2 KAAIFRAGEN

De kinderen gaan met elkaar in gesprek:
-Wat is dit bultsje? Hoe fine wy dat út? Soe it yn it boek stean?

De kinderen komen met ideeën. Waarschijnlijk bedenken ze ook om het boek te lezen. Zo niet, dan stuurt de leerkracht hier onopvallend op aan.

De leerkracht gaat naar stap 3: de taalactiviteit Ferhalepraat.



STAP 3 FERHALEPRAAT

- De kinderen zitten met elkaar in de kring.
- Laat de voor- en achterkant van het boek zien. Vraag de kinderen in tweetallen met elkaar te praten over waar ze denken dat het boek over gaat. Van wie zijn de takken?
- Lees pagina 9 t/m 17 uit het boek voor.
- Ga met elkaar in gesprek:

1.Verhaal verbinden met eigen voorspelling.

Vraag de kinderen: "Kloppet dyn foarsizzing?", "Wa is de haadpersoan?", "Fan wa binne de takken?"

2.Beleving van het verhaal.

Vraag de kinderen: "Wat fûnst it moaiste?", "Wat fûnst net leuk?", "Wat fûnst grappich? ", "..."

3.Verhaal koppelen aan eigen ervaring.

Vraag de kinderen: "Bisto wolris ferhuze?", "Hasto dy ek wolris ferstoppe yn in strûk?". "Bisto bang foar oare bern?", "..."


4.Mening over het verhaal.

Vraag de kinderen: "It boek hjit Abe en de Aardichman, wêrom is dat wol of net in goede titel foar dit boek?" "Wat fynst fan de tekeningen?", "..."





EPISOADE 1: BANG WÊZE



STAP 1 IT BARREN

Abe heeft in het schrift geschreven:

Sa as jimme lêzen ha bin ik bang foar bern. Mar wat is bang wêze einliks? Kinst ek bang wêze foar dysels? Is bang wêze nuttich? ensf. (zie andere vragen van stap 3). Kinne jimme my antwurd jaan?

Groetnis, Abe

Materiaal

It schrift van Abe met daarin de tekst en vragen: zie stap 3



STAP 2 KAAIFRAGEN

De leerlingen gaan met elkaar in gesprek. Hoe kunnen we antwoord geven op de vragen van Abe? De kinderen komen met ideeën. Waarschijnlijk bedenken ze dat ze erover willen praten. Zo niet, dan stuurt de leerkracht daar onopvallend op aan.

De leerkracht gaat naar stap 3: de taalactiviteit Tink dy Tûk!

STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: TINK DY TÛK




Ga in een kring zitten. Kies een van onderstaande filosofische vragen. Geef kinderen bedenktijd, laat ze op elkaar reageren. Vraag door naar het argument achter een antwoord. Blijf niet hangen in persoonlijke antwoorden. Geef zelf geen mening. Besef dat er geen goed antwoord is. Is de gekozen vraag genoeg van alle kanten bekeken, maak dan een samenvatting van de antwoorden en kies een andere filosofische vraag.

Inleiding: Abe is bang voor andere kinderen, dat zegt hij in de brief en in het boek (lees eventueel nog een keer pagina 17 uit het boek).

- Wannear is ien bang?
- Hoe wit ien oft hy/sy bang is?
- Is bang wêze nuttich?
- Binne bern faker bang as grutte minsken?
- Besteane der dingen dêr't elkenien bang foar is?
- Binne der ferskillende soarten fan 'bang wêzen'?
- Kin ien ek bang wêze foar him- of harsels?
- Kinne bisten bang wêze?
- Wat soe der barre as net ien op 'e wrâld mear bang is?

Maak na het filosofisch gesprek een huis met heel veel deurtjes. Schrijf achter elk deurtje een filosofisch idee over bang zijn.






EPISOADE 2 : AARDICHMAN



STAP 1 IT BARREN

Abe heeft weer in het schrift geschreven: *Tankewol foar jimme filosofyske ideeën oer bang wêzen. Dat hat my holpen om minder bang te wêzen. Wat my ek helpt is prate mei de Aardichman. Kinne jimme oare aardichmannen meitsje? Wat kin dyn aardichman goed? Wannear hasto in aardichman nedich? Ik bin benijd! Gr. Abe*



Materiaal

Alle leerlingen moeten een tak met zijtakken van max. 50 cm meenemen naar school.
Verf, kwasten, draad, touw, natuurlijke materialen

STAP 2 KAAIFRAGEN

De kinderen gaan in gesprek:
-Hoe kinne wy aardichmannen meitsje? Hoe sjocht sa'n figuerke derút? Wannear hast in aardichman nedich? Watfoar eigenskippen hat dyn aardichman-figuerke?



De kinderen komen met ideeën. De leerkracht stuurt onopvallend aan op stap 3.

STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: LIT DY GEAN

1. Start met een kort vertelrondje Een paar kinderen vertellen welke ideeën ze hebben over hoe een aardigman-figuurtje eruit kan zien.

Gebruik als leerkracht steeds het zinnetje 'dat zou kunnen' om aan te geven dat alle kinderen hun eigen ideeën mogen gebruiken.

2. Tekenlijstje maken en bespreken Laat na het korte vertelrondje op een tekenlijstje (papier met drie kaders) drie kenmerken van een 'aardichman' schetsen. Eventueel met een paar woorden (in het Fries). Bespreek de suggesties in tweetallen.



3. Beschrijving De kinderen krijgen de opdracht een beschrijving te geven van hun leukste figuurtje. Kijk voor tips over het genre 'beschrijving' op de website.

4. Maken Laat alle kinderen een tak (met zijtakken) van ongeveer 50 cm lang meenemen naar school. Laat ze van de tak een eigen aardigman-figuurtje / talisman / hulpmans / beschermmanneltje maken door de tak aan te kleden en te bewerken met materialen zoals wol, touw, verf, kralen, knoopjes, etc.

5. Presenteer Hang de aardigman-figuurtjes op in de klas of zet ze op een sokkeltje.

6. Schrijven Laat de leerlingen een naam voor hun leukste figuurtje bedenken en opschrijven. Laat ze er ook bij schrijven welke hulp hun aardigman-figuurtje kan bieden.

8. Bespreken Praat daarna met elkaar over de gemaakte werkstukken.





EPISOODE 3: FREONSKIP



Materiaal

Schrift van Abe met tekst uit stap 1

STAP 1 IT BARREN

In het schrift van Abe staat een gedicht over vriendschap in de natuur:

Freonskip

*Komst mei, komst mei?
 Wy meitsje in hutte yn de greiden,
 dan bouwe wy yn 't wylde wei.
 Ik ha in hammer foar ús beiden,
 wy spikerje geheimen.
 Draaf mei, draaf mei!
 Nei de ein fan de wei.
 Sjoch nei my, folgje myn skaad,
 doch my mar lekker nei,
 wy dûnsje in nij paad.
 Spring mei, spring mei!
 Oer de sleat, my achternei,
 net sa mâl, net sa bang.
 Ik help dy, freon fan my,
 spring mar, ik fang!*



Sigrid Kingma

PS: Dit fyn ik wol moai! Wat soe ik graach mear fan sokke gedichten lêze wolle!

STAP 2 KAAIFRAGEN

De kinderen gaan met elkaar in gesprek over de vragen: -Hoe kinne we Abe helpe? (Sels gedichten betinke en yn syn skrift skriuwe?) Wêr moatte de gedichten oer gean? (bygelyks: natuer, freonskip,...).

De kinderen komen met ideeën. De leerkracht stuurt opvallend aan op stap 3.



STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: POEZYPRaat

Stap 1: Voorlezen aan de hele groep

Lees het gedicht ' Freonskip ' van Sigrid Kingma nog een keer voor.

Stap 2: In tweetallen lezen

Deel het gedicht uit en lees het gedicht in tweetallen. Doe dit een paar keer, tot het vlot gelezen kan worden.

Stap 3: Experimenteren met de toon

Experimenteren met de toon waarop het

gedicht gelezen wordt, bijvoorbeeld 'schattig', 'verdrietig' of 'boos'.

Stap 4: Doe er bewegingen bij Doe bewegingen bij het gedicht. Bv. stampen met hun voeten of een handbeweging. Laat door mimiek zien wat er gelezen wordt, bijv. een boze, wanhopige of verdrietige blik.

Stap 5: Ga met elkaar in gesprek met de hele groep

A. Beleving van het gedicht

Maakt het gedicht je blij, boos, verdrietig of bang? Wat vond je mooi en wat vond je niet mooi aan het gedicht? Waarover heb je je verbaasd? Heb je zin om mee te doen?

B. Gedicht koppelen aan eigen ervaring

Heb je zelf wel eens buiten gespeeld? Heb je zelf iemand overgehaald om mee te doen?

C. Mening over het gedicht

Vind je de titel passen bij het gedicht? Welke woorden of zinnen vond je het mooist/ grappigst/ spannendst of verdrietigst? Zou je je beste vriend(in) aanraden om dit gedicht te lezen?





STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: DE INKTFLUENCER

Ferwûnderje

De kinderen zitten in een kring. Laat ze om de beurt een woord zeggen: "Wêr tinkst oan by natuer?" Laat de kinderen om de de beurt een word zeggen: "Wêr tinkst oan by freonskip?"

Twatal praat

Laat de kinderen in tweetallen praten over hun vriend(in): "Hoe sjocht hy/sy derút? Wat fynt hy/sy in moai plak yn de natuer? Wat boartsje jimme?"

Meitsje

Zet de stappen 1 t/m 4 op het bord. Laat de kinderen de antwoorden opschrijven.

Stap 1. Tink oan dyn freon of freondinne. Op hokker plak yn de natuer mei hy/sy graach wêze? Skriuw dat wurd op.

Stap 2. Beskriuw dat plak yn geuren en kleuren (hoe rûkt it, hokker kleuren binne dêr).

Stap 3. Beskriuw wat dyn freon/freondinne dêr docht.

Stap 4. Beskriuw watsto derfan fynst: grappich, nuver of bysûnder? Wêrom?

Moaier meitsje

Nu heb je de basis van je gedicht. Maak het mooier door zinnen of woorden te herhalen, door de volgorde te veranderen, door er witregels in te zetten, door mooiere woorden te kiezen, door woorden toe te voegen, ...

Presintearje

Presenteer de gedichten aan elkaar.
Hang ze op in de klas.





EPISOADE 4: DE STRÛK



Materiaal
Schrift van Abe
met de tekst uit
stap 1

STAP 1 IT BARREN

Abe heeft weer wat in het schrift geschreven:

*Help!! Heit en mem wolle de strûk fan Aardichman fuort helje om't hy sa drûch is en brune blêden hat! Dy strûk mei fansels net fuort! Kinne jimme my helpe? Wat moat ik dwaan om de strûk wer grien en sûn te krijen?
Groet, Abe*

PS Wat ha jimme moaie gedichten skreaun!



STAP 2 KAAIFRAGEN

De kinderen worden uitgedaagd om informatie op te halen bij verschillende bronnen (expert in de klas, boeken, internet...) en de gevonden informatie op papier te zetten voor Abe. Vragen die aan bod zullen komen: Wat moetst witte om de strûk te rêden? Watfoar strûk is it? Hoe groeit in strûk? Wat hat in strûk nedich? Hoe kinne wy hjir antwurd op krije?

STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: FAK TAAL FORMULE

Taaldoel: Kan gedetailleerdere informatie achterhalen en doorgeven.

Ynhoudsdoel: Kan beschrijven hoe je planten in de tuin verzorgt.

A. Lees blz 29 t/m 34 voor uit het boek.

In het verhaal maken heit en mem op blz 34 een plan met de tuinman (=‘de nuvere man’). Heit en mem willen de struik weg laten halen omdat hij zo droog als wat is.

B. Lees de vraag voor die Abe in zijn schrift heeft geschreven.

Abe wil de struik behouden en heeft de klas om hulp gevraagd

C. Bedenk drie tips voor Abe om de struik beter te verzorgen, zodat die niet weg hoeft.

Doe in tweetallen of kleine groepjes onderzoek door met elkaar in gesprek te gaan en informatie op te zoeken. Bijvoorbeeld met behulp van boeken, internet of een expert in de klas (hovenier, een tuinarchitect, een boswachter of een schoolplein-ontwerper).

D. Presenteer de tips aan Abe

Presenteer de tips met een muurkrant, een vlog of ... En nu maar hopen dat Abe zijn struik kan blijven staan!





EPISOADE 5: WÊR IS AARDICHMAN?

STAP 1 IT BARREN

In het schrift van Abe staat de volgende tekst:

Bedankt foar jim goede tips om de strûk te fersoargjen! Fan 'e moarn waard ik wekker fan in nuver lûd. Ik bin bot skrokken! Wat der oan 'e hân is. No....Aardichman....ik kin it hast net skriuwe....freegje jim juf of master
side 35 o/m 39 foar te lêzen. Dan witte jimme krekt wêrom ik my soargen meitsje.

Gr. Abe

PS: Hawwe jim it lêzen?

Dan is dizze tekst foar jimme!



(Er ligt een toneeltekst in het schrift.)

Materiaal

Voor ieder kind een kopie van de toneeltekst
(Zie achterin dit boekje)



STAP 2 KAAIFRAGEN

Nadat het verhaal is voorgelezen, wordt de toneeltekst erbij gepakt. De kinderen gaan in gesprek over de vraag:

- Wat kunnen we met deze tekst?
- Wat valt op als we naar deze tekst kijken?
- Wat zouden de kleuren aangeven?



De kinderen komen met ideeën. Stuur het gesprek zo dat besloten wordt de tekst te lezen (Stap 3).

STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: PRAAT MAR TOANIEL!


Stap 1 Geef alle kinderen de toneeltekst en lees deze klassikaal. Begrijpt iedereen wat er staat? Zijn er onduidelijkheden? Welke rollen zijn er?

Stap 2 Verdeel de groep in kleinere groepjes om samen de scène te oefenen. Vertel de kinderen dat ze

- zelf de rollen verdelen (dubbelrollen zijn geen probleem)
- de scène een paar keer lezen zodat die vlot en op toon gaat
- elkaar helpen met het Fries en bij het spelen van de rol.


Stimuleer de kinderen om zich in te leven in de rol en om er bewegingen bij te maken.

Stap 3 Laat enkele groepjes de scène aan de groep presenteren.





OFSLUTENDE EPISOADE: PRESINTAASJE



STAP 1 IT BARREN

Abe heeft weer in het schrift geschreven:

Hoi famkes en jonges,

It is tiid foar in feestje! De strûk is rêden, ik bin net bang mear foar bern, ik ha in freon en noch folle mear. Lês fierder yn it boek fan side 45 ôf. Alles is dus goed ôfrûn en dat moat fierd wurde! Alle moaie dingen moastst fiere! Jimme ha my geweldich holpen. Applaus foar jimsels! In lêste fraach: kinne jimme in Abe-feestje fiere op skoalle om sjen te litten wat jimme allegear makke en dien hawwe?!

Groet, Abe en Sibrich



Materiaal

Het schrift met de tekst út stap 1



STAP 2 KAAIFRAGEN

De kinderen gaan in gesprek over de organisatie van het Abe-feest. Vragen die waarschijnlijk aan bod komen zijn:

Wa wolle we útnûgje? Wat wolle we presintearje? Wêr wolle wy it Abe-feestje fiere? Wannear en hoe? Stjoer it petear nei stap 3.



STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: TAALRÛNTE

Gean mei de bern yn 'e rûnte sitten.

1. Start mei in koart fertelrûntsje

Laat de kinderen om beurten een feest benoemen waar ze geweest zijn.

2. De learkrêft fertelt

Laat de kinderen een uitnodiging zien van een feest en beschrijf dat feest.

3. In pear bern fertelle

Laat een paar kinderen vertellen over een uitnodiging en een feest waar ze zijn geweest.

4. Tekenlistje meitsje en besprekke

Laat de kinderen een lijstje maken van er op de uitnodiging voor het Abe-feest moet staan.

5. Twatal-petear

Laat de kinderen in tweetallen aan elkaar vertellen wat ze bedacht en getekend hebben.

6. Meitsje

Laat de kinderen een uitnodiging maken.



TIPS

-Nodig ouders en/of kinderen van andere klassen uit.

- Toon de kunstwerken:

1. Het huis of de huizen met filosofische ideeën
 2. De aardichmannen
 3. De gedichten
 4. De muurkranten of vlogs
- Presenteer het toneelstuk



BYLAGE 1: TEKST PRAAT MAR TOANIEL!

Ferteller 1: Aardichman is fuort. En Abe wol him sykje, mar wêr?

Ferteller 2: Aardichman fielt him thús op âlde grûn. Op plakken dy't der al hiel lang binne.

Ferteller 1: Dat komt om't Aardichman sels ek hiel âld is.

Ferteller 2: Se sykje op 'e seedyk.

Abe: Aardichman! Aardichman!

Sibrich: Aaaaaaaaaaaaaaaaaaardichman!

Ferteller 1: It bliuwt stil. Dan nei de klokkestoel.

Abe: Aardichman! Aardichman!

Sibrich: Aaaaaaaaaaaaaaaaaaardichman!

Abe: Hjir ek al net. As dy man noch mar net mei de masine yn 'e tún stiet.

Sibrich: Oh nee!

Abe: Sjoch, ik haw de kaai fan it túnstek. En dat stek sit lekker op slot!

Sibrich: Hiel tûk fan dy. Sjoch, dêr is de pleats fan Stinsma. Kom op. Dy is hiel âld!

Ferteller 1: Tegearre drave se troch it lân, oer in sleat, nei de pleats ta.

Ferteller 2: Stinsma stiet op it hiem. Hy hat in overal oan en in pet op.

Ferteller 1: Hy hat hast gjin tosken mear yn 'e mûle en in hiel soad rimpels.

Ferteller 2: Soe er de Aardichman sjoen hawwe?

Sibrich: Goeie Stinsma. Wy sykje de Aardichman. Witte jo wol? Sa'n ding lykas ús Modderman.

Stinsma: Och heden, sa'n ien ha ik hjir hjoed wol omskarreljen sjoen. Rin mar mei nei de pleats. Se sitte faak yn de terp, soksoarte figueren.

Abe: Witte jo fan Aardichmannen ôf?

Stinsma: Ja fansels. As jo sa lang libje as ik, dan witte jo dat. Se binne der faak ûnferwachts, mar noait samar.

Abe: Dy fan my is der as ik der ferlet fan haw.

Stinsma: No krekt. Sykje jim dy Aardichman mar. Ik moat nei de kij ta.

Ferteller 1: De bern sykje it hiele hiem ôf. Se sjogge yn elk gat yn 'e grûn.

Ferteller 2: Mar de Aardichman sjogge se net.

Abe: Hy is der net. Ik moat him fine.

Sibrich: Wat sei Stinsma? Se binne der faak ûnferwachts.

Abe: Sille we noch mar in rûntsje oer it hiem?

Ferteller 1: Swijend rinne se oer it hiem en dan ynienen.....

Sibrich: Dêr bisto!

Ferteller 2: Se sjogge in bulstje ierde, dêr't it mantsje út komt.

Aardichman: Ik moast flechtsje foar dy aaklike masine.

Abe: Dy kin net yn de tún komme. Ik haw de kaai. Sjoch mar.

Aardichman: Do bist in echte freon. No kinne we de strûk miskien noch rêde.

Abe en Sibrich: Hoe dan?

Aardichman: Mei magyske ierde út de âlde wrâld. Dêrmei kin ik myn drûge strûk rêde.

Sibrich: Echt?

Aardichman: Ja. Mar ik ha in protte magyske ierde nedich. Mei dy lytse hantsjes fan my moat ik wol hiel faak hinne en wer om genôch nei de tún te krijen.

Abe: Ik stopje it yn myn bûsen.

Sibrich: En ik yn mines!

Ferteller 1: En stiet dy strûk noch yn 'e tún as se thús komme?

Ferteller 2: Jawis, mar dy hinget wol wat slop.

Ferteller 1: En de Aardichman krûpt út de ierde omheech en fertelt wat se dwaan moatte.

Aardichman: Magyske ierde wurket allinne om tolve oere nachts....

Abe: N.. n...n....nachts? Dan moatsto it sels dwaan, Aardichman. Dan lizze wy op bêd.

Aardichman: Ik bin in âld man. Ik bin wurch fan dit hiele aventoer. Ik ha de krêft net mear om te struien.

Sibrich: Wy binne der fannacht.



Grafysk ûntwerp en
einredaksje:
Janke Singelsma en
Jolanda Verhoef
Korreksje: Tjitske van Dijk



hogeschool

lectoraat
Meertaligheid
en Geletterheid

Cedin

FERS

afûk

IMO



de Bibliotheek
Drachten | Smâlingerland



TAALPLAN
FRYSK
2030